

Opnommen yn Jan Wybenga, *Samle Wurk* dl I,
Frysk en Frij, Ljouwert 2012, s. 839-845

[839]

**IEN EN OAR OER DE POËZIJ
FAN JAN WYBENGA**

Teake Oppewal
Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum

lyts frysk deadeboek

Jan Wybenga hat ús in dichterlik oeuvre neilitten fan acht bondels, ien los apart útjûn fers en in grut tal ferspraat publisearre fersen. Elkenien hat grif syn eigen skiednis mei it dichtwurk fan Wybenga. De iene ken allinne de blomlêzen fersen, in oare hat Wybenga op de foet folge troch syn lange mear-as-fjirtichjierrige karriêre as dichter, en in tredde, lykas ik, stapte op healwei yn. Myn earste kontakt mei Wybenga syn wurk datearret fan de jierren santich, doe't ik de bondel *lyts frysk deadeboek* út 1974 te lêzen krige op kolleezje Frysk. It wie it desennium dat Fryslân iepenbrutsen waard foar it wettersportmassatoerisme, dat der in sterke ymportgolf wie en it fenomeen 'twadde hûs' opkaam. By Wybenga liezen je dêroer yn it *lyts frysk deadeboek* 'Poepen en Bataven nimme de doarpkjes yn'. Dat spriek my oan, ik hie yn dy tiid as studint om utens de wankende ûndergong fan Fryslân en syn taal ûntdutsen. Wybenga syn byldzjend pessimisme wurke provosearjend op my. Sá sille wy net, jonkje!, wie myn emosjonele refleks.

It pessimisme dat út it *lyts frysk deadeboek* sprekt, jildt lânskip, taal en kultuer, der is net folle perspektyf op better. It lêste gedicht fan de syklus ropt it byld op fan in bern, dat ferkwinend stânhâlde moat op de skerne, yn it selskip fan rotten, mokken en mosken, 'tusken fersmiten matrassen bedaand'. Tiny Mulder brûkte letter fergelykbere motiven fan delgong yn de syklus *Oh in stêd, ah in lân*, mar dat is yn toan in tsjinhinger fan it *lyts frysk deadeboek*. Ek dêr oan de ein bern as dragers fan de takomst:

[840]

‘Lytse Luigi en Lamkje bouwe har in hutte / fan snoeihout, brûkte kleden, buordpapier / en boartsje ‘t âlde spultsje op ‘e nij.’

Wybenga siket by tekoart oan takomstperspektyf syn gelok yn it ferline. Yn it *lyts frysk deadeboek* sitte moaie arkadyske stikjes, bygelyks oer boereweinen dy’t folladen mei hea de skuorre ynwraggelje. Dat appellarret by my op in aparte wize oan de eigen jeugd – miskien ha jim wolris heard fan de Fryske lêsmetoade foar de legere skoallen ‘Ik skriuw wat ik lêš’ út de jierren fyftich. Ik bin ien fan de gelokkigen dy’t dy hân hat. Yn ien fan de ferhaaltsjes sitte de twa haadfigueren, Jan en Af, boerebern, hiel gelokkich yn in kûle boppe-op in hobbeljende, follûge heawein, en dat byld is my altyd bybleaun.

De meast sombere rigels út it *lyts frysk deadeboek* fyn ik wol ‘Slimmer as âld en earm is ‘t âld en Frysk te wêzen’. En wat âlder as ik wurd, wat mear dat my deldrukt. It ropt assosjaasjes op mei de romantitel *Oud en eenzaam* fan Reve, mar by Wybenga mist de irony en it groteske dat Reve bewarret foar in te sterk pessimisme. Sarkasme, somberheid en nostalgy, dat binne de grûntoanen dy’t út it *lyts frysk deadeboek* opklinke. Undanks dat sombere fyn ik it in prachtige bondel, mei syn heftige grimmitigens, syn ryk taalgebrûk, en syn springerige opbou mei yntrigearjende stikken. De taalrykdom fan Wybenga syn wurk is in freugde. Ik neamde de rigel ‘tusken fersmiten matrassen bedaand’, in rigel dy’t my yndertiid nei it wurdboek gripe liet, wat late ta de ûntdekking fan it ûnbekende wurd ‘daan’. Dat joech in nij ynsjoch yn de skûlnamme Daniël Daen, yn de santiger jierren ek in fameus Frysk dichter, en krekt as Jan Wybenga Gysbert Japicxpriiswinder.

Yn 1977 krige Jan Wybenga foar *lyts frysk deadeboek* de GJ-priis, al foar de twadde kear, dat gjinien kin sizze dat it Fryske lêzerspublyk de sombere sungen oer de ûndergong fan de eigen kultuer net hearre woe... By gelegenheid fan dy GJ-priis ferskynde der sels in twadde printinge fan it *lyts frysk deadeboek*,

[841]

krekt as de earste mei bledsiden sûnder nûmers (wê't ik altyd in hekel oan ha, as tekstkonsumint), mar ek mei in feroaring yn de folchoarder fan de fersen.

Earder wurk

It *lyts frysk deadeboek* wie al de fjirde bondel fan Wybenga, en op it kolleezje dat ik neamde kaam ek syn debút te praat, *Amoeben* út 1954. Ik wit net mear oft wy alles diene of allinne de syklus 'Hurrel' – oars, al wer sa'n wurd dat troch Jan Wybenga fan de ûndergong rêden is. It gedicht fan dyselde namme wie in parody op P-punt, dat wol sizze Jan Piebenga en syn kolommen kommentaar yn de Ljouwerter Krante, betitele as de 'mitige myte'. It prachtich alliterearjende wurd 'mitich' betsjut rûpsteckich, bedoarn. Dat gedicht ferskynde yn 1952 yn *De Tsjerne* en joech oanlieding ta in echte literêre hurrel.

Wybenga fertolket mei *Amoeben* it moderne libbensgefoel fan nei de oarloch: alles is kapot, in keunstner kin net oars as de rauwens fan it folle libben werjaan. It jout de ein fan it skjintme-ideaal fan de âldere dichters: 'It bûn stjert stadich út / Jûns om it prikkefjoer/ komme hja tichter gear, al wer minmachtiger: / no is in tritiger en dan in tachtiger / bedobbe ûnder 't pún fan in tebroazele toer'. By dy tritigers hearre miskien wol Tamminga en syn foarmfêste poëzij, mar wis ek Marsman, dy't yn 1940 yn syn bondel *Tempel en kruis* noch oproppen hie om te dichtsjen 'in de geest van deze zee' – dêrmei net bedoeld de Noardsee fan Douwe Kalma en 'Explore the North', mar de Middellânske See mei syn histoaryske ankerpunten Rome, Atene en Jeruzalim. Foar Wybenga wie dat oer. 'Net yn de geast fan dizze see', dichte er letter. De oriïntaasje op de tradysje fan de klassiken hie ôfdien. De titel fan *Amoeben* ferwiist fansels ek út soarte nei it ûntbrekken fan in fêste foarm. In amoebe is ommers in ienselich dierke dat alle mooglike foarmen oannimme kin.

[842]

De twadde bondel, *Barakkekamp*, ferskynde yn 1962 as in spesjaal nûmer fan *De Tsjerne*, mei in markant en prachtich omslach fan Durk van der Ploeg. Wybenga krige der trije jier letter syn earste GJ-priis foar. It bondeltsje *Kj3* út 1973 slút direkt oan op *Barakkekamp*. Yn de bondels wurdt de lyryk minder, de ôfstanlikens nimt ta, de foarm wurdt hechter, de toan skerper, en it ferfal wurdt konkreter oantsjut. *Barakkekamp* is hermetysker fan karakter as *Amoeben*, en der binne nochal wat fersen dêr't je by de ynterpretaasje knap lang oer hottefylje kinne. Se binne út soarte geskikt om op literatuertintamens oan studinten foar te lizzen foar poëzijanalyse.

Kj3 en syn opfolger *lyts frysk deadeboek* waarden beide útjûn by útjouwerij Alternatyf. Wybenga siet ek yn de redaksje fan it blêd fan dy namme. Ik ha my der altyd oer fernuvere hoe't hy akkoart gean koe mei sa'n minne boekfersoarging as fan dy twa bondeltsjes. *Kj3* stiet ien fan de meast aparte printflaters yn dy't ik ken út de Fryske literatuer, yn de rigel 'de brounzen oermen op it plein'. Ik haw in skoft tocht dat in 'oerm' in soarte fan 'urn' wêze soe, in wurd fan Sjoerd Spanninga dat tafallich by Wybenga ferdwaald wie, oant dat op in kear it kwartsje foel: dy **n** is in printflater foar in **m**, der moat stean 'de brounzen oermem op it plein' – en dan is it byld ynienen folle helderder, mar ik moat sizze, ek minder suggestyf. Pas letter fûn ik út dat it fers ek al yn *De Tsjerne* stien hie, jg 1965, side 325, en dêr stiet yndied gewoan **oermem**.

Abe de Vries lit yn syn ynlieding op dit *Samle Wurk* moai sjen dat it *it lyts frysk deadeboek* in skarnierbondel is yn it wurk fan Jan Wybenga, nammentlik dat de dichter nei dy tiid bondels publisearret mei in tige gearhingjende struktuer. De tekst krijt der sa in betsjuttingslaach by, dy fan de bondel as gehiel.

Letter wurk

It hichtepunt út dy twadde perioade is wat my oangiet *De Foksejacht* út 1989, in ryk dichtwurk mei in grut ferskaat oan poëzijzjônres, mar dochs mei in gearhing dy't it gehiel ta ien komposysje makket. Je kinne it hast fergelykje mei in symfony. Der binne net folle oare bondels yn de Fryske literatuer dy't sa'n yntrigearjende gearhing sjen litte. In oar foarbyld is foar my *De fjoerbidders* fan Albertina Soepboer, dy't oars troch syn strakke regelmjittige opbou mear hat fan in fuga as fan in symfony. No't it wurd symfony fallen is, moat ik ek de term 'komposysjedriuw' neame. Wybenga syn wurk is tekene troch komposysjedriuw. Hy besiket op sa folle mooglik nivo's gearhing te skeppen. Sels op it nivo fan syn oeuvre as gehiel. Geart fan der Mear bespreek de fyfde bondel *Easterstreek* yn de jierren tachtich yn *Trotwaer* ûnder de titel 'ABCDE': in moaie gearfetting fan de rige Amoeben, Barakkekamp, Cahier-3, Deadeboek, Easterstreek. It ferskinen fan dit *Samle Wurk* lit ek nij ljocht skine op dit aspekt fan Wybenga syn wurk, omdat no wurk dat fanwegen syn komposysjedriuw net bondele waard of sels net publisearre dochs beskikber komt.

Yn *De Foksejacht* komme in protte motiven út it eardere wurk wer by-inoar. It is autobiografysk, it ferbyldet de posysje fan de keunstner, it hat de subversiviteit fan de âlde foks dy't kwea te fangen is mar it is net revolúsjonêr, it lit de ûndergong sjen fan de klassike kultuer, en it makket de balâns op fan in libben. En dan binne der noch de twa prachtige bondels dy't dêrnei komme: *Fergetten fersen* en *Grien en koaningsblau*, dy lit ik hjir foar wat se binne. Met net sûnder it neamen fan dat moaie ien nei lêste fers 23 út *Grien en koaningsblau*, dêr't de dichter syn eigen dea ferbyldet as checkt er yn by de baalje op in fleanfjild, de moderne ferzy fan it plak dêr't men de Styx oergiet: 'ienkear noch seach er om ear't de masjine / him opnaam dy't koart dêrop tsjin it tsjuster / opklom en doe yn ien flits weiwaard – / te

[844]

hommels te fuortendaliks te finaal'. En dan binne wy hast wer werom by *Amoeben*, dêr't oer datselde stjerren sein wurdt: 'Spat fan de libbensweach as skom / frij yn it ivige swart, / tsjustere streamen nimme dy op / dan floeist nei it ljocht werom.' Dat lêste klinkt hast Marsmaniaansk, it earste byld fan it fleantúch is konkreter, skepen troch de ferbylding fan de betûfte dichter.

Swiet fergif

Op 28 septimber 1994 ferskynde de earste edysje fan de *Spiegel van de Friese poëzie* yn it gebou fan Meulenhoff yn Amsterdam. Tiny Mulder bea it boek oan oan Aad Nuis, lyts wyfke, grutte man – beide binne der net mear. Jan Wybenga makke dy oanbieding net mei. Hy stoar op 28 juny 1994. It jiertal 1994 achter syn bertejier 1917 sette, dat wie sawat de lêste korreksje dy't ik noch yn de printkladde fan de Spiegel oanbringe koe. Yn dat boek wurdt Wybenga presintearre as de wichtichste Fryske moderne dichter. Dat waard yn dy blomlêzing toand mei de seleksje út syn fersen, en troch wat ik yn de ynlieding oer him skreau. Wybenga syn poëzij ferbyldet in wichtich aspekt yn de Frysk-kulturele situaasje. Hy is de dichter fan de delgong en fan it foarbygean. De delgong fan de natoer, fan Fryslân, fan de klassike Bildungskultuer. De dichter fan it alles oerhearskjende besef dat elk ding en elk skepsel oait in kear stikken giet, deagiet, en fersinkt yn it ferjit. Dat makket tryst, want, sa't de dichter seit yn *De Foksejacht*, elke minske dy't stjert is as in swier oerladen skip dat ûndergiet. En dat jildt ek foar in kultuer dy't ferdwynt.

Mar Wybenga is net it iennichste poëtyske lûd dat opklinkt yn de Fryske dichterswrâld. Syn totaal oeuvre sit op in nuveraardige wize ynklamme tusken twa ferwizingen nei Postma, as wiene dat de boekesteunen dêr't al syn bondels tusken steane. It earste fers yn de earste bondel *Amoeben* begjint mei 'Net in soan fan d' ierde'. Dat ferwiist nei Fokke Sierksma syn essay

[845]

oer Postma, 'Bern fan de ierde', dat in jier earder as *Amoeben* ferskynde. It lêste fers yn de lêste bondel *Fergetten fersen* is it gedicht 'In memoriam patris', dat ek nei Postma ferwiist, ik sitearje: 'O, treast dy't in fersin is: ek de Geast bliuwt net behâlden, moat as alle wêzen belies jaan en ferkomme, dêr't it ljocht gjin sicht skept, wyn bestjert yn oanflecht.' Tinkend oan de earder neamde komposysjedriuw fan Wybenga kin dat hast gjin tafal wêze. It is as wol er ús fan de earste oant de lêste letter fan syn wurk taroppe: It sil net bestean, mar it sil fergean! Wybenga syn poëzij is in swiet fergif. Ik hâld fan it swiete derfan, mar foar it sombere deryn moat ik in tsjingif ha, en dat is de poëzij fan Postma. Wybenga hat Postma net oerstallich makke. Beide jouwe se har eigen libbensgefoel, twa ferskillende emosjonele wrâlden dy't ik yn mysels weromken.

No ferskynt dan achttjin jier nei syn dea Jan Wybenga syn *Samle Wurk*. Lit ús net jeremiearje dat it te lang duorre hat, mar bliid wêze dat it hjoed sa fier is! Elk kin him no op it *swiete fergif* fan Wybenga syn poëzij stoarte, en ik hoopje dat dizze útjefte it útgongspunt en de oantrún wurde mei ta fierdere stúdzje fan it machtich moaie dichtwurk fan Jan Wybenga.